Fries stelopdracht

Examen VWO

Voorbereidend
Wetenschappelijk
Onderwijs

19 **99**

Tijdvak 1
Vrijdag 21 mei
9.00–12.00 uur

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Skriuw in opstel oer ien fan de neikommende ûnderwerpen.
Betink sels in titel as der gjin titel jûn wurdt.

Moat ik hiel earlik wêze?
Wat fynsto: moatte bern altyd alles wat se meimakke hawwe oan har âlden fertelle? Meie twa minsken dy't inoarren leavje, dochs geheimen hawwe? Of hâldt leafde yn, dat de iene himsels yn alle gefallen bleatjout oan de oare?

1 □ Skriuw in yngeande skôging oer fertrouwen en iepenheid yn relaasjes.

It is bespotlik dat learlingen de kâns krije om op skoalle te dragen wat se wolle, hoe gek ek, en dat learlingen de kâns krije om op skoalle har sa ûnfatsoenlik te gedragen as se wolle. Dat is yn in ynstjoerd stik yn de Volkskrant steld. Dyselde jonge minsken witte ommers by wykeinbaantsjes tige goed hoe't it heart: klean en gedrach binne kreas fersoarge. Dat kin de skoalle dus ek easkje.

2 □ Reagearje op dy miening yn in betooch of in skôging.

Kreatyf? Dat bist mar yn dyn eigen tiid!
Is it wier dat de skoallen it ûntwikkeljen fan de kreativiteit mear en mear oan de learlingen sels oerlitte? It frije opstel ferdwynt fan it eksamenprogramma, literatuer wurdt in apart fak, de easken foar fakken as tekenjen jouwe hieltyd minder spylromte. Makket de fersaakliking fan de maatskippij dat de easken fan kreativiteit yn personielsadvertinsjes suver synonym is mei 'tûk yn it kreëarjen fan winstkânsen'? En wat is dêr op tsjin?

3 □ Skriuw in skôging oer de maatskiplike wearde fan it befoarderjen fan kreativiteit fan skoalbern en ferwurkje dêr dyn eigen ûnderfinings yn.

Wat in soadsje!

4 □ Skriuw in kritysk krantestik.

Listjegekken?
Net allinne fan platen en cd's, mar ek fan boeken, hotels, sporters, wittenskipsminsken: oeral is tsjintwurdich wol in top-tsien of top-hûndert fan. Is dat sinfol? Wurde der allinne mar kommersjele belangen mei tsjinne of ek oare, of alhiel gjint? Wat foar effekt hawwe soksoarte listjes, bygelyks op dyn konsumpsjegedrach?

5 □ Skriuw in betooch nei oanlieding fan ûnder oaren de boppesteande fragen. Behein dy net ta ien soarte fan foarbylden.

Yndividuele sportprestaasjes: de alvestêdetocht, leafst op safolle mooglik manieren, en as it heal kin twa kear op ien dei. Aksjefakânsjes, fuottochten oer de Alpen, fytstochten fan Peazens nei Peking. Is der in revival fan it lichem geande of giet it earne oars om?

6 □ Skriuw in skôging dêrst yn yngiest op boppesteande kwestjes om dúdlikheid te krijen oer de fraach oft it hjir giet om lichaamlike topprestaasjes of om geastlike djipgong.

De measte ûngemakken barre thús: lytse bern lûke in folle treppot oer har hinne, it strykizer stiet noch oan, it gas idem, beppe set leaver in stove op in stoel of in tafel as in ergonomysk goedkard trepke te brûken… Der moat fansels wat oan dien wurde, want it kostet de mienskip slompen jild. It ministearje fan folkssûnens hat in ferhalewedstryd útskreaun om de minsken te stimulearjen har bewust te wurden fan dy problematyk. It is de bedoeling dat it ferhaal tusken de 600 en de 750 wurden telt en dat it in ynstruktive en warskôgjende strekking hat.

7 □ Skriuw sa'n koart ferhaal.

Skaalfergrutting… wie dat net de ein fan it Paleozoïkum?

8 □ Skriuw in krityske skôging.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Geastlike hygiëne, bestiet dat?
Der wurdt hieltyd mear tiid en omtinken jûn oan de hygiëne en sûnens fan de Westerske minsken. Hoefolle tiid wurdt der net bestege oan waskjen, skjinmeitsjen, lichemsfersoarging, ensafuorthinne? Miljeu-easken, fabrikaazjefoarskriften en restaurantfoarsoargen binne hast net mear nei te kommen. Oan de oare kant wurde wy deistich konfrontearre mei bylden dêr't wy grif net better fan wurde. Seksreklame oan 'e dyk, sensaasjefoto's yn 'e krante, tillevyzjegrouwélichheden yn 'e wenkeamer. Moat dêr net ris wat oan dien wurde?

9 □ Skriuw in skerp betooch.

Dat hoech ik net te witten!
De âlde Preker út de bibel sei it al: wat mear ien wit, wat slimmer it wurdt. Dochs dogge media, skoallen en alderhande opliedingsynstituten in protte war om minsken op 'e hichte te bringen fan wat der rûnom te rêden is. Oan de oare kant hat it der alle skyn fan dat de minsken dom hâlden wurde mei ferdividaasjeprogramma's, rabbelblêden en ôfwaaide krantestikjes. Nijs is fansels in kommersjeel produkt wurden en it oanbod wurdt foar in grut part selektearre op de sensaasjewearde. Bist benijd hoe't bern der útsjogge dy't fan honger stjerre? Wolsto wolris sjen hoe't deabange boargers deasketten wurde troch dwylsinnige rebellen? Hasto wolris sjoen hoe't in auto der útsjocht dy't hûndertfyftich meter troch in sneltrein meisleept is? Bisto benijd nei it ferrin fan de opstân yn in bananerepublyk dêr'st noch nea fan heard hiest of nei de oarloch yn in lân oan de oare kant fan de ierdbol? Moatsto beslist witte wat Anneke Douma en Piter Wilkens tegearre hawwe, en bist net lokkich ast ien kear net sjoen hast nei dyn favorite soap?

10 □ Skriuw in krityske skôging oer de ynformaasjefoarsjenning yn dizze tiid en benammen oer itjinge dêr'st tsjin dyn sin mei opskipe bist, of wurdst.

Einde

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.